

16 Fûgeltsjes fuorje

As der 'pyp' sein wurdt, jouwe de tomme en de wiisfinger inoar in tikje.

Pyp!

Pyp!

Pyp pyp pyp!

Fiif lytse fûgeltsjes

fiif fingers omheech hâlde

piipje sa!

Fiif lytse fûgeltsjes

fiif fingers omheech hâlde

wolle iten ha.

In hapke foar Flapke.

de tomme oanwize

In stikje foar Wikje.

de wiisfinger oanwize

In bytsje foar Grytsje.

de middelfinger oanwize

In beike foar Feike.

de ringfinger oanwize

Pyp!

Och, lytse Geart

de pinke oanwize

hat noch neat!

de hannen útinoar dwaan